



Ynhâld: A. M. Wybenga: Bea — Nic. J. Haisma: De Polderjonges — S. M. v. d. Galiën: Klysters — J. Fennema: Simmerwirk for de Selskipsleden en Kritten — S. E. Wendelaar Bonga: Floris Frisica — Japik: Ut Bernemültjes — P. S. Bruggenkamp: Fen it Haedbistjür — J. Fennema: Propaganda en Administraesje.

BEA.

Luk. XI : 1.

Barmhertich God, dy't myn bisteān forstiet,
Ik siikje om Jo, mar sûnder smeekje kinnen,
Sjuch nei 't fortriet dat oer myn siele giet
En sjuch myn eagen wiet fen stille triennen.

Iksmeekj e om neat, yn nacht en neden wei,
Bitüsden geast, bidwelme en siük fen sinnen;
Jy witte allinne hwet my sterkje mei,
Jy bliuw' my dochs, mear den 'k mysels, biminnen.

Jow, Fader, jow oan Jins ânwittend bern
It rjucht forsteān fen 's libbens dûnkre dagen;
Ik freegje om krûs noch treast, ik jow 't forlern,
Dwaen inkeld Hear, nei 't Godlik wolbihagen.

Jo stypje ef slaen, forheegje ef bûtsje my,
'k Oanbid Jins rie, ho tsjuster for myn wêsten:
Ik off'rje m' op, ik winskje neat, ik swij;
Myn sucht is yn Jins wollen to birêsten.

Sa sjên 'k op Jo, in berntsje swak en blea,
Mei Christenhope, lau noch ângedildich;
Och liz den op myn lippen sels de bea,
En bide yn my, den bliuwt myn bea ânskildich.

Nei W. Bilderdyk.

Londen 1796.

A. M. WYBENGA.

1929.